

Riedsútstel

Gearkomste : 21 desimber 2017

Agindapunt : 10
Status : **Beslútfarmjend**
Programma : (2) Ferkear, ferfier en wettersteat
Portefúlgehâlder : E. Bruins Slot

Behanneljend amt. : Jens Zeemans
E-mail : JZeemans@t-diel.nl
Telefoonnûmer : (0511) 460 904
Zaak / Stuknûmer : Z2017-07683 / S2017-25327

Oan de Ried.

Underwerp

Untúken iepenbierens dykfekken op Skûlenboarch

Koarte ynhâld

Om yndustryterrein Skûlenboarch hinne is in nije dyk oanlein dy't oanslút op de Nije Yndustrywei nei de rotonde Droegeham. De nije dyk ferfangt de funksje fan de Mounekamp op it yndustryterrein. De funksje fan parten fan de Mounekamp as iepenbiere diken kinne dêrom ferfalle. Nei oerlis mei de bedriuwen docht bliken dat it ek winske is in part fan de Industrieweg ôf te sluten.

Foarsteld wurdt om in oantal dykfekken op yndustryterrein Skûlenboarch oan de iepenbierens te ûntlúken.

Utstel fan it Kolleezje

De folgjende diken oan it iepenbier ferkear ûntlúke:

- de dyk Mounekamp tusken de ôfslaggen Nije Yndustrywei (460 meter);
- de reed Mounekamp tusken de dyk Mounekamp en de Nije Yndustrywei (90 meter);
- de Industrieweg foarby de yngong fan Wadro (195 meter), lykas oanjûn op de by dit beslút hearrende en op dy wize merke ôfbylding.

Bylagen

Situaasjetekening

Taljochting

Ynlieding

De ûntsluting fan Skûlenboarch hat jierren in probleem west. Lang om let is yn jannewaris 2016 de Nije Yndustrywei iepene mei in rotonde by Droegeham. Dêrmei hat yndustryterrein Skûlenboarch in goede ûntsluting krigen op it provinsjale wegenetwurk.

Yn de riedsgearkomste fan 15 septimber 2016 is besletten jild beskikber te stellen om de "twadde faze" oan te lizzen. Dêrtroch komt in folweardige ferbining ta stân tusken de N369 en de Skûlenboargerwei. Parten fan de âlde ynfrastuktuer kinne dêrom ferfalle.

Wat is it probleem?

Troch oanlis fan de "twadde faze" is in part fan de Mounekamp oerstallich wurden. Mei de bedriuwen binne ôfspraken makke om de dyk op te nimmen as bedriuwsterrein; dat makket diel út fan de grûntransaksjes dy't nedich binne om de nije dyk oan te lizzen.

It is winske de oanbelangjende parten fan de âlde Mounekamp ôf te sluten omdat oars ûnfeilige situaasjes bestean bliuwe. De iepenbierens fan de wei moat dêrom ynlutsen wurde. Bykommend foardiel foar de gemeente is dat de tanimming fan areaal beheind bliuwt.

Nei oerlis mei de bedriuwen op Skûlenboarch blykt dat it ek winske is in stikje fan de Industrieweg oan de iepenbierens te ûntlûken. De situaasje dy't ûntstiet, soarget derfoar dat de perselen berikber bliuwe mei sa min mooglik iepenbiere ynfrastuktuer.

Wat binne de oarsaken fan it probleem?

De Mounekamp wurdt oan beide kanten omsluten troch bedriuwen. Benammen by VBI fynt transport plak tusken produksjelokaasje en tasfjilden. Troch oanlis fan de ferbining nei de N369 leit it foar de hân dat mear (ûnbekend) ferkear op de earder dearinnende Mounekamp ride sil. It soargjen foar in ferkearsfeilige situaasje is in wichtige reden dat de "twadde faze" oanlein is. No't dy dyk yn gebrûk naam is, is de âlde dyk net mear nedich.

Wat binne de beëage effekten?

De foar ekstern ferkear oerstallich wurden ynfrastuktuer oerdrage oan de omlizzende bedriuwen. Om de bedriuwen de frije hân te jaan, is it nedich de diken oan de iepenbierens te ûntlûken.

Wat dogge we dêrfoar?

Beslute (parten fan) de Mounekamp en Industrieweg oan de iepenbierens te ûntlûken, lykas beskreaun yn de Wegewet.

It giet om:

- De dyk Mounekamp tusken de ôfslaggen Nije Yndustrywei (460 meter);
- De reed Mounekamp tusken de dyk Mounekamp en de Nije Yndustrywei (90 meter);
- De Industrieweg foarby de yngong fan Wadro (195 meter).

Op grûn fan kêst 9.1 en 9.2 fan de Wegewet hat de gemeenteried it foech om in dyk oan de iepenbierens te ûntlûken.

Wat mei it kostje?

Net fan tapassing.

Kommunikaasje

Oer de oerdracht fan wegen is wiidweidich praten mei de belanghawwende bedriuwen: op de kaart is te sjen dat de berikberens fan besteande útritten bestean bliuwt. It beslút wurdt publisearre yn Actief en stiet iepen foar beswier en berop. Deputearre Steaten wurde oer it beslút ynformearre.

Evaluaasje

Net fan tapassing.

Burgum, 5 desimber 2017

It Kolleezje fan Tytsjerksteradiel
de loko-siktaris

de boargemaster

M. v.d. Feen

Drs. L.J. Gebben

Riedsbeslút

Gemeente Tytsjerksteradiel

Riedsgearkomste fan 21 desimber 2017, agindapunt 10

De Ried fan de gemeente Tytsjerksteradiel:

yn berie nimmend dat:

- de Nije Yndustrywei yn gebrûk naam is;
- dy dyk de funksje fan de Mounekamp as ferbining tusken N369 en Skûlenboargerwei oernimt;
- it foar de ferkearsfeiligens winske is de Mounekamp tusken de ôfslaggen folslein ôf te sluten;
- it net foar de hân leit de ûnferhurde Mounekamp tusken Nije Yndustrywei en ôf te sluten Mounekamp as dearinnend dykje yn stân te hâlden;
- de ûnferhurde Mounekamp as ferbining nei de Joerelaan yn stân bliuwt;
- it lêste stik fan de Industrieweg gjin funksje hat foar oaren as de oanlizzende bedriuwen;
- de perselen berikber bliuwe;
- der oerienstimming is mei de bedriuwen op yndustryterrein Skûlenboarch;

lêzen it útstel fan it Kolleezje fan 5 desimber 2017;

acht jûn op it bepaalde yn de artikels 9.1 en 9.2 fan de Wegewet;

BESLUT:

de folgjende diken oan it iepenbier ferkear te ûntlûken:

- de dyk Mounekamp tusken de ôfslaggen Nije Yndustrywei (460 meter);
 - de reed Mounekamp tusken de dyk Mounekamp en de Nije Yndustrywei (90 meter);
 - de Industrieweg foarby de yngong fan Wadro (195 meter),
- lykas oanjûn op de by dit beslút hearrende en op dy wize merke ôfbylding.

Sa fêststeld yn de iepenbiere gearkomste fan de Ried fan de gemeente Tytsjerksteradiel fan 21 desimber 2017.

De Ried niisneamd,
de griffier

de foarsitter

mr. S.K. Dijkstra

drs. L.J. Gebben